



IT FANKE FAN HJIRNEIST

(The Star-Sprangled Girl)

Komeedzje yn trije bedriuwen fan

NEIL SIMON

Fryske oersetting

Gurbe Dijkstra

TONEELUITGEVERIJ VINK B.V.
(Grimas Theatergrime verkoop)

Tel: 072 - 5 11 24 07

E-mail: info@toneeluitgeverijvink.nl

Website: www.toneeluitgeverijvink.nl

VOORWAARDEN

Alle amateurverenigingen die het stuk: **IT FANKE FAN HJIRNEIST – THE STAR-SPRANGLED GIRL** gaan opvoeren, dienen in alle programmaboekjes, posters, advertenties en eventuele andere publicaties de volledige naam van de oorspronkelijke auteur: **NEIL SIMON** te vermelden.

De naam van de auteur moet verschijnen op een aparte regel, waar geen andere naam wordt genoemd.

Direct daarop volgend de titel van het stuk.

De naam van de auteur mag niet minder groot zijn dan 50% van de lettergrootte van de titel.

U dient tevens te vermelden dat u deze opvoering mag geven met speciale toestemming van het I.B.V.A. Holland bv te Alkmaar.

Copyright: 2014 © 1967, 1968 by Neil Simon

Copyright: 2014 © 1995, 1996 by Neil Simon

Copyright Frisian translation: 2006 © by Neil Simon

Internet: www.toneeluitgeverijvink.nl

E-mail: info@toneeluitgeverijvink.nl

Niets uit deze uitgave mag verveelvoudigd en/of openbaar gemaakt worden door middel van druk, fotokopie, verfilming, video opname, internet vertoning (youtube e.d.) of op welke andere wijze dan ook, zonder voorafgaande schriftelijke toestemming van I.B.V.A. HOLLAND bv te Alkmaar, welk bureau in deze namens de Uitgever optreedt.

Het is niet toegestaan de tekst te wijzigen en/of te bewerken zonder voorafgaande schriftelijke toestemming van I.B.V.A. HOLLAND bv te Alkmaar, welk bureau in deze namens de Uitgever optreedt.

Vergunning tot opvoering van dit toneelwerk moet worden aangevraagd bij het Auteursrechtenbureau **I.B.V.A. HOLLAND bv**

Postbus 363

1800 AJ Alkmaar

Telefoon 072 - 5112135

Website: www.ibva.nl

Email: info@ibva.nl

ING bank: 81356 – IBAN: NL08INGB0000081356 BIC: INGBNL2A

Geen enkele andere instantie dan het IBVA heeft de bevoegdheid genoemde rechten van u te claimen, of te innen.

Auteursrechten betekenen het honorarium (loon!) voor de auteur van wiens werk door u gebruik wordt gemaakt!

Auteursrechten moeten betaald worden voor elke voorstelling, dus ook voor try-outs, voorstellingen in/voor zorginstellingen, scholen e.d.

Vergunning tot opvoering:

1. Aankoop van minimaal **3** tekstboekjes bij de uitgever.
2. U vult het aanvraagformulier in op www.ibva.nl of u zendt de aanvraagkaart (tevens bewijs van aankoop), met uw gegevens, naar I.B.V.A. Holland. Uw aanvraag dient tenminste **drie weken voor de eerste opvoering** in bezit te zijn van I.B.V.A. Holland.
3. U krijgt daarop de nota toegestuurd. Na betaling wordt u de vereiste vergunning toegestuurd.

Vergunning tot HER-opvoering(en):

1. U vult het aanvraagformulier in op www.ibva.nl of u zendt de aanvraagkaart met uw gegevens naar I.B.V.A. Holland. Uw aanvraag dient tenminste **drie weken voor de eerste opvoering** in bezit te zijn van I.B.V.A. Holland.
2. U krijgt daarop de nota toegestuurd. Na betaling wordt u de vereiste vergunning toegestuurd.

Opvoeringen zonder vergunning zijn niet toegestaan en strafbaar op grond van de Auteurswet 1912. Zij worden gerechtelijk vervolgd, terwijl de geldende rechten met 100% worden verhoogd. Het tarief wordt met 20% verhoogd voor opvoeringen waarvoor geen toestemming werd aangevraagd binnen drie weken voorafgaand aan de voorstelling.

Het is verboden gebruik te maken van gekregen, geleende, gehuurde of van anderen dan de uitgever gekochte tekstboekjes.

Rechten BELGIË: Toneelfonds JANSSENS, afd. Auteursrechten,
Te Boelaerlei 107 - 2140 Bght ANTWERPEN Telefoon (03)3.66.44.00.
Geen enkele andere instantie heeft de bevoegdheid genoemde rechten van u te claimen, of te innen.

PERSOANEN:

Andy Hobart – man, 26 jier

Norman Cornell – man, mids tweintich

Sophie Rauschmeyer – frou, foar yn de tweintich

Earste bedriuw:

Sêne 1: begin fan de simmer

Sêne 2: trije dagen letter

Twadde bedriuw:

Sêne 1: de oare deis

Sêne 2: in pear dagen letter

Tredde bedriuw:

De oare deis. Betiid yn de middei

TIID:

It jier 1966

DEKOR:

In duplekswenning mei útsicht oer de baai fan San Francisco. It is sa moai net as at it hjir oerkomt. It is in geboutsje mei houten dakspannen út it begin fan de tweintichste ieu. Oait is it nei alle gedachten in grut, Viktoriaansk hûs fan in rike famylje west, dat yn de rin fan de tiid ferwurden is ta wat it no is: aparte, meubileare wenienheden. Nettsjinstande dat hat it in sekere sjarme. It appartemint wurdt bewenne troch twa jongmannen, Andy Hobart en Norman Cornell. Je sjogge daliks dat se der net allinne wenje, mar dat it ek brûkt wurdt as kantoar fan harren útjouwerij. Se jouwe in tiidskrift út, dat 'Fallout' hyt.

De yngong is ûnder, middenfoar. In stoepe fan trije treden. Middenfoar, rjochts stiet in grutte keukenbar of toanbank, mei dêrop in grutte faas mei in plûskebiezem deryn, in lampe, in ukelele, in stopflesse mei sûker en in klimplant. Op de planken derûnder stiet in hiel assortimint glêzen, flessen, boeken en âlde tiidskriften. Neist de keukenbar is in lytse alkoof mei in doar dy't yn

in kast útkomt. Rjochts fan dy doar is de iepen doar nei de keuken. Oan de muorre, links fan de kast binne wat planken makke dy't stiiffol mei blikken beantsjes steane. Yn de muorre links is in rút, mei in bamboegerdyn derfoar. Neist it rút rint fan de grûn ôf, dwers troch in taffeltsje hinne, in buis nei it dakrút. Achter links, parallel oan it fuotljocht, stiet in tafel fan sawat ien meter tachtich, mei dêrop in bânrekorder, in âlde, draachbare skriuwmasine, in lampe, in steapel papier dat giel wurden is, in steapel enveloppen, kranteknipsels, byelkoar holden troch in grutte paperclip, de layout, of in proefeksimplaar fan 'Fallout', in bakje foar postsegels, gom ensafuorthinne. In rjochte, houten stoel stiet by it buro, links fan it buro stiet in papierkoer en in steapel earder útkommen nûmers fan 'Fallout'. Oan de muorre links, achter it rút, hinget in prikboerd. "De Remeedzje Foar In Sike Maatskippij", stiet op in buordsje boppe-oan. Fierders hinget it boerd fol mei knipsels, foto's, notysjes en in lytse spiegel. Under it boerd stiet in lessenaar mei dêrop in tsjûk wurdboek, in tiidsskrift en in piip. Yn de lessenaar twa laden. Tsjinoer de lessenaar stiet in bysettaffeltsje mei dêrop in telefoan mei druktoetsen en in steapel tiidsschriften. Under dyselde tafel leit in steapel âlde tiidsschriften en in byelkoar bûne steapel âld papier. Yn de hoeke links foar hinget in grut prikboerd mei dêrûnder in lyts taffeltsje mei in hiele foarrie papier derop, in kopke mei pinnen en potleaden deryn, in nytmachine, klemboerd, in lege stopflesse, lege bierblikjes ensafuorthinne. Under de tafel in steapel âld papier en in grutte bus griene ferve, mei de kwast en it rierstokje der noch yn. Rjochts fan de tafel in lytse radiator. Op de radiator leit in planke mei dêrop in puntsjesliper en in skjirre. Achter de radiator in steapel byelkoar bûn âld papier mei dêr boppe-op in doaze. Rjochts stiet in lytse houten stoel. Midden op it toaniel stiet in lege, rûne tafel, dy't op twa autobannen steunt. Op de tafel: de krante, tiidsschriften, jiskebak, mok mei pinnen deryn, kofjepot, itensboard mei krommen der noch op, smoarch kofjekopke, lege jampot, in stimpeldoaze mei in rubberen stimpel. Links fan de tafel stiet in regisseurstoel, rjochts in houten stoel. Rjochtsachter in sofa... sûnder rêchleuning... dizze stiet parallel oan it fuotljocht. Rjochts fan de sofa in tafel mei tiidsschriften, boeken, in burolampe, jiskebak, in helter om mei te trenen, (*krachtsport*) in âlde wekker, lege koekjes doaze, ensafuorthinne. In oare sofa stiet parallel oan de rjochtermuorre en stiet ûnder in oerloop en de trep nei dizze oerloop. Op dizze sofa lizze in bulte kessens. Oan it achterste gedielte fan de rjochtermuorre, boppe de sofa, is in planke mei boeken, tiidsschriften en trije molkflessen fol mei lytsjild. Boppe dy planke noch in

prikboerd dat grôtfol hinget. Neist de trep nei de oerloop stiet in rottanpoef mei kranten, tiidskriften en in leech bierblikje derop. Foar de trep stiet in hege stoel, neist de keukenbar. Op de oerloop stiet in grutte teleskoop, dy't op in rût yn de rjochtermuorre rjochte is mei útsjoch op de baai. Gjin gerdinen of jaloezyen foar dit rût. De ferljochting bestiet út twa keale parren achter op it toaniel. Boekekasten en planken nimme alle oare romte fan de muorre op de oerloop yn beslach. Oan de foarkant fan de oerloop binne twa treden nei de twadde ferdjipping. Dêr binne trije doarren. De rjochter is dy fan Andy, de doar sintraal foar it publyk is fan Norman, en de tredde is in lyts doarke, mei in ijedderke derhinne, sa kin je op it dak komme.

EARSTE BEDRIUW

Earste sêne

(*it is let yn 'e middei, begjin simmer. De doar giet iepen en Andy Hobart komt deryn. Hy is sawat seis en tweintich jier, mar hy hat it tamtearre gesicht fan ien dy't twa kear sa âld is. Andy is in tawijde, idealistyske synikus, behept mei de enerzjy fan de opstannige, jonge generaasje. Hy hat in âld, brún sportjaske oan en in kaky kleurige broek, in oerhimd mei rútsjes en gjin strik. Hy hat in aktetas by him dy't syn bêste tiid hân hat. At hy der yn komt sjocht er nei de lessenaar en liket ferheard dat er net ien is)*)

ANDY: Norman?... Bist thús? Fanwege dyn swijen, nim ik oan datst der net bist... (*rint nei de bânrekorder*) Wêr sitst? (*hy set de bânrekorder aan en set de aktetas del*)

STIM FAN NORMAN: Ik bin op it dak, wie oan 't stellen... Miskien hast moarn wol in rôze moarnsjas oan, mar dy sil teminsten skjin wêze... Wat fynst fan dy njoggen bleedsiden op it buro? (*Andy pakt se op en blêdet se troch*) ...Ik ha njoggen oeren achter elkoar op de skriuwmasine sitten te rammeljen. Ik soe no de perfekte moard plege kinne, want myn fingers litte gjin ôfdrukken mear achter... Menear Franklyn hat fiif kear belle. Ik sis it noch es, fiif kear. Hy sei dat wy him seis hûndert dollar en fyftich sint skuldich binne foar fiif telefoantsjes... Hy sei ek dat at er syn jild net krige foar oankommende sneon, hy dan syn **beide** soannen stjoere soe om ús **fjouwer** skonken te brekken... Ik ha tsjin him sein dat ik mar skriuwer bin en datsto de rekkens ôfchannelst, en no ha 'k it safier dat se **dyn** skonken brekke en **myn** ankel allinne ferstûkje... ik bin no wol útpraat, dus set my mar út. (*Andy set de bânrekorder út. Op itselde stuit giet de telefoan. Hy nimt op*)

ANDY: Fallout Magazine... Mei wa?... Menear Franklyn... Ien momint, menear Franklyn, ik ferbyn jo troch mei de administraasje... (*hy drukt op in knop en feroaret syn stim. Giet op it taffeltsje sitten*) Mei de administraasje... Ja?... Oh, Menear Franklyn... Ja, ik hearde dat jo al earder belle hiene... Bedoele jo dat jo ús cheque noch net kriegen ha?... Dêr begryp ik neat fan... No ja, juster... (*hy drukt gau op in knop en ferbrekt dêrmei de ferbining. Hy sjocht wer yn de papieren fan Norman. De telefoan giet wer. Hy nimt op*) Fallout Magazine... Oh, menear Franklyn, de ferbining waard leau 'k ferbrutsen, hin? Ekskús dêrfoar. Ik ferbyn jo wer troch... (*drukt wer op in knop en praat wer mei deselde stim as sakrekt*) Mei de

administraasje... Oh, ja. Menear Franklyn. Sjoch, it sit sa... (*hy ferbrekt wer mei opsetsin de ferbining, hinget op en wachtet. De telefoon giet wer. Andy set in nasale stim op*) En fyftich prosint kâns op reinwetter. Moarn... opklearringen mei no en dan damp waar en hjir en dêr in bui... (*hy krimpt yn elkoar at Franklyn hurdhandich de hoarn op it tastel smyt*) Ik snap net wêrom atst dy sa drok makkest, Franklyn. Do kinst dan wol nei dyn jild fluitsje, mar do witst yn elk gefal dat it moarn reine sil. (*de telefoon giet wer. Andy set de bânrekorder aan en nimt it neikommende op*) ...Sis, Luigi, silst ús hjir ek noch es wat bringe of hoe sit dat?... (*de telefoon giet wer. Ek dat nimt er op. Hy set de bânrekorder út, nimt de telefoon op en rint dermei nei it buro*) Luigi 's restaurant... Wa?... Nee, wy ha gjin útjouwerij. Wy ha in restaurant. Luigi 's restaurant... (*spielt de bân werom en set it apparaat aan. Fia de rekorder hearre wy de stim fan Andy*) ...Sis, Luigi, silst ús hjir ek noch es wat bringe of hoe sit dat?...

ANDY: Si, si, ik kom al. (*de telefoon giet op de rekorder*) 'Scusi, myn oare telefoon giet, (*hy hinget op en wriuwte tefreden yn de hanner*) Ik hâld dit minstens like lang fol as do, Franklyn. (*de doar nei it dak giet iepen en Norman komt mei in waskkoer fol wask de trep ôf. Norman is sawat like âld as Andy. Alhoewol't hy it brein achter it tiidsskrift is, gedraacht er him as in ûnferbetterlike puber at er net achter de skriuwmasine sit*)

NORMAN: (*op de oerloop*) Ik ha ús krekt wer acht dollar aan waskerij kosten besparre. En ik ha dyn blauwe oerhimd fûn.

ANDY: Ik wie net in blau oerhimd kwyt.

NORMAN: Dat sei ik ek net. Ik sei dat ik er ien fûn hie.

ANDY: Hast al iten hân hjoed?

NORMAN: (*komt de trep del*) Ik ha in beferzen sardyntsje op in toastje hân.

ANDY: Wêrom?

NORMAN: Omdat dat it iennige wie wat we yn 'e hûs hiene.

ANDY: Bedoelst dat der neat mear te iten is yn de koelkast?

NORMAN: Der lizze noch trije iiablokjes en in par. En mei in par bedoel ik sa'n ien dy't ljocht jout. (*hy set de waskkoer op de tafel yn 'e midden. Dan hâldt er in oerhimd omheech*) Dit sil ik yn it friesfak lizze. Us strykizer is stikken. (*hy nimt it oerhimd mei nei de keuken*)

ANDY: (*giet op it bysettaffeltsje sitten*) Norman, ik ha krekt betocht dat earm wêzen behoarlik ientoanich is. We hiene gjin jildsoargen hân atsto my dwaan lietst wat ik al earder foarstelde.

NORMAN: (*komt út de keuken en rint nei de tafel tusken de beide*

sofa's) En wat wie dat?

ANDY: Dy ferkeapje oan de medyske fakulteit.

NORMAN: Konsintrearje dy net tefolle op my. Wat tochtst fan wat nije abonnees? Hoe gong it hjoed?

ANDY: At se ja sizze ha wy der nei hjoed twa nije lêzers by. (*Norman pakt de lege koekjes doaze op*) De gedachte bekrûpt my dat de gemiddelde Amerikaanske húsfrau noch net ta is oan in polityk, kontroversjeel tiidsskrift dat helendal anty -Amerikaansk is ... Is der noch post?

NORMAN: (*goait de lege koekjes doaze op de grûn del*) Yn de papierkoer... (*rint nei de tafel yn it midden*) Ik ha sa'n honger. (*set de waskkoer op de grûn, achter de stoel links. Yt de krommen fan it itensboard dat op tafel stiet*)

ANDY: (*pakt de papierkoer, set dy op de bysettafel en begjint de rekkens troch te sykjen*) Rekkens fan de drukkerij, rekkens fan de reparasje fan de skriuwmasine, de húshier, gas, stroom, item... Hjir, sels in rekken fan de papierkoer.

NORMAN: (*hellet de finger troch de lege jampot, sykjend om item*) En dy frou fan de hûnesalon krijt noch tachtich sinten fan ús.

ANDY: De hûnesalon? Wêrfoar?

NORMAN: Se hat myn hier fan 'e middei knipt.

ANDY: (*set de papierkoer wer links neist it buro del*) Lit de soarch foar de rekkens mar oan my oer, Norman. Do hoechst allinne mar te skriuwen. Ik moat dyn blauwe jaske brûke jûn. Ik moat fuort. (*rint nei linksfoar, en pakt in blau jaske dat by it prikboerd hinget*)

NORMAN: Saaklik?

ANDY: Wêrom soe ik oars elke nacht stean te swingen yn de "Fluwielen Augurk"?

NORMAN: Mei wa giest?

ANDY: Mei wa oars as ús húsbaas, frou Mackininee. (*nimt it jaske mei nei de sofa rjochtsachter, wêr't er it boppeste kessen optilt en it jaske tusken it kessen en de springfearren leit. Lit it kessen falle. Norman siket om item yn de laden fan de lessenaar*) Norman, do hast der gewoan gjin idee fan wat ik net allegear dwaan moat om der foar te soargjen dat we der hjir net útset wurde. (*Andy giet op knibbels op it kessen sitten en drukt der mei syn hiele gewicht op, om it jaske wat yn de ploai te krijen*) Net allinne hat se totaal gjin gefoel foar ritme, justernacht dûnse se sa nei bûten, it parkearplak op. Se hat totaal gjin gefoel foar rjochting. (*giet oerein, pakt de helter en rôlet dy oer it kessen hinne en wer*)

NORMAN: (*optein by de lessenaar, yt út in lyts cornflake doaske dat er dêr fûn hat*) It sil oait byskreaun wurde yn de analen as ien fan

de grutste opofferingen yn de skiednis fan de sjoernalistyk.

ANDY: Tochtst soms dat it net ferdenerjend wie om yn in nachtklup te sitten mei in donker hierrige widdo mei blonde flechten dy't ek noch de drankjes betellet?

NORMAN: Se mei dy graach, hin? Wêrom nimst har dit wykein net mei nei it strân, dan kin wy it appartemint fervje litte. (*giet by de lessenaar sitten*)

ANDY: Tinkst dat ik by har fan de motor ôfdonderje wol, lyk as har man destiids.

NORMAN: Hear es, atst mei my ruilje wolst, do hoechst mar te kikken. (*de telfoan giet. Norman giet fluch oerein en makket in gebaar nei Andy dat hy opnimme moat, wylst hy nei de links fan de tafel yn de midden giet. Giet sitten en begjint skjinne sokken op te tearen. Andy rint nei links, nimt de telefoan op*)

ANDY: (*yn de telefoan, set de nasale stim wer op*) Mei de administraasje... (*giet oer op normale stim*) Oh, vrou Mackininee... Nee, nee, ik die myn bêst om wat âlder oer te kommen. Ik leau dat ik justernacht kjeld skipe ha... Ja, achter op de motor... Jo kinne wier hiel goed motorride... Ha jo dy oare flecht noch werom fûn?... O, spitich... ik fiel my in bytsje skuldich... Ja, echt... Ik bedoel, ik foel der hast ôf en hold my beet oan it earste it bêste wat ik te pakken krije koe... Ja, ik helje jo om acht oere op... Oh, dat heart geweldich... ik bin hiel benijd. Daach.

NORMAN: Wêr bisto sa benijd nei?

ANDY: Se hat in nije motorbril mei in gouden rântsje... Kinst dy foarstelle hoe't dat stean sil by dy sulverkleurige overal?... Beloof my ien ding.

NORMAN: Wat?

ANDY: At we ferûngelokje en se fine myn lichem neist harres, sis dan tsjin ús heit en mem dat se my ûntfierd hie. (*Andy rint nei de sofa, pakt it jaske en rint der mei nei de trep*)

NORMAN: Atst fannacht thûskomst, moatst my alles fertelle. Ik wol alles hearre. Al wurdt it noch sa let, meitsje my mar wekker.

ANDY: Goed, Norman.

NORMAN: Nee, do moatst it belove. Do makkest my wekker en do fertelst my alles. Sûnder ek mar wat oer te slaan.

ANDY: (*leunt oer de reling. Sjocht Norman besoarge oan*) Norman, ik tink datsto de lêste tiid te hurd wurke hast. Nim doch vrij jûn en gean nei in seksfilm.

NORMAN: Hoe kin ik no vrij nimme? Der moat noch in tiidskrift útjûn wurde.

ANDY: Do hast noch fiif dagen om trije artikels te skriuwen. Dat kinst

mei twa fingers. Wêrom bellest net in famke?

NORMAN: Je kin net samar in famke belje. Dêr foar moat je earst ien kinne.

ANDY: Belje dan in famke watst kinst.

NORMAN: Ik fyn de famkes dy't ik kin net leuk. Ik fyn allinne de famkes dy't **sto** kinst leuk.

ANDY: Goed. Belje dan ien fan de famkes dy't **ik** kin.

NORMAN: Dat kin net. Dy kin ik net. (*Norman giet oerein en rint mei de waskkoer nei de keuken. Komt werom en rint nei de lessenaar*)

ANDY: Norman... Ik bin like tawijd oan ús tiidskrift as do. Miskien noch wol mear. Do stoppest dyn talint deryn, ik myn bloed. It is myn taak dat talint te beskermjen en te ûnderhâlden. Dêrom wol ik datst no en dan út de bân springst. Atst dat net dochst, krijst bulten.

NORMAN: (*sit by de lessenaar*) Ik gean sa gau at ik dit ôf ha.

ANDY: Wa bist fan doel mei te nimmen?

NORMAN: In prachtich, ferrukkelik blond stik komt hjur neist te wenjen, yn dat lege appartemint, en dêr wurd ik smoar op. No goed?

ANDY: Goed, hear, Norman. Atst leaver wurkest, fyn ik it bêst. Wurkje do mar de hiele nacht troch, ik winskje dy in bulte wille. (*hy giet syn keamer yn en docht de doar ticht. Norman giet achter de skriuwmasine sitten en pakt wat knipsels op. Hy praat lûdop yn himsels*)

NORMAN: ...Hy tinkt seker dat ik myn artikels skriuwe kin sûnder achter de skriuwmasine sitten te gean... Dy dingen skriuwe harsels net... of je moatte yn kabouters leauwe... En dy skriuwe trouwens gjin artikels, dy reparearje skuon... (*hy begjint te typen. De doarbel giet. Hy giet oerein, rint nei de doar en docht dy iepen. Sophie Rauschmeyer, in hiel moai, blond fanke, stiet foar de doar. Se foldocht presys oan de beskriuwing dy't Norman krekt joech. Se is it prototype fan in Amerikaansk fanke. At se in pear skeinspruten op de noas ha soe, soe se helendal perfekt wêze. Har stevige figuer en har frisse gesicht wize derop dat it in hiel fysyk fanke is. Wat se yntellektueel te koart komt, wurdt mear as goedmakke troch de rjochte rêch dy't se fan it hynsteriden hat, en har earsms fol spieren dy't se fan it swimmen oerholden hat. It lizige aksint dat se brûkt draacht net echt by oan it byld fan in yntellektueel. Se rûkt trouwens wol hiel lekker*)

SOPHIE: (*brede, waarme laits*) Nim my net kwea ôf. Ik bin Sophie Rauschmeyer. Ik bin krekt yn it appartemint hjurneist kommen te wenjen... Ik wit wol dat it yn de grutte stêd net gebrûklik is om dit te dwaan, mar ik ha ús heit en mem beloofd dat ik kennis meitsje soe

mei myn nije buorlju, dus kaam ik even goeie sizzen en hopelik oant sjen. Daach. (*brede laits. Se draait har om, doch de doar achter har ticht en giet fuort. Norman hat fin noch fear ferrept sūnt se yn de doar stie. It liket wol at er woartel sketten hat en dēr minstens noch oardel oere stean bliuwe sil*)

ANDY: (komt de keamer út. *Hy hat it blauwe jaske aan. Gjin skuon*)
Hearde ik no krekt de bel?... Norman, is der besite? (*hinget oer de reling en tikket Norman op de holle*)

NORMAN: Wat? Wat? (*fluch*) Nee! Nee! Net ien. Der is net ien. Gean mar wer nei dyn keamer.

ANDY: Wat is der oan de hân, Norman?

NORMAN: Der is neat oan de hân. Lit my gewurde. Gean werom nei dyn keamer. Sjochst dan net dat ik oan 't wark bin?

ANDY: By de doar?

NORMAN: Ik moast even wat lucht ha.

ANDY: Wêrom setst dan net in rút iepen?

NORMAN: Ik wol gjin frisse lucht. Ik wol gewoan lucht... Soest no asjebleaft nei dyn keamer gean wolle?

ANDY: Goed, Norman. Kalm mar. Besykje dy in bytsje te üntspannen. (*hy stiet op it punt om syn keamer yn te gean at de bel wer giet. Andy bliuwt stean en sjocht nei Norman dy't noch hieltyd net beweecht*) ...**No** hear ik doch in bel.

NORMAN: Goed. Do hearst in bel. Minsken belje wol faker oan doarren. Dat is doch gjin reden foar dy om dēr mar omhingjen te bliuwen? (*de bel giet wer*)

ANDY: Dochsto iepen of sil ik it dwaan?

NORMAN: **Ik** sil wol iepen dwaan. **Do** bliuwst dēr. (*hy sjocht nei Andy yn de hoop dat dy nei syn keamer gean sil. Mar hy wit dat er dat net dwaan sil, dus docht er de doar iepen. Sophie stiet wer foar de doar. Se hat in cake yn de hân*)

SOPHIE: (*brede laits*) Sorry, dēr bin ik wer... Ik wie oan 't útpakken en myn freonen fan thús ha my in cake mei jûn mei rum deryn, en dat mei ik net ha, want ik bin yn treining en ik soe it sûnde fine dat ik 'm fuortgoaie moast en dêrom jou ik 'm oan jo. Ik hoopje dat jo 'm oannimme wolle. (*se jout him de cake*) No, daach... (*lûkt de doar wer ticht en giet fuort. Norman bliuwt noch in skoftke nei de doar stean te stoarjen*)

ANDY: Wa is dat, Norman?

NORMAN: Dat docht er net ta. **Ik** seach har it earst.

ANDY: Goed, do seachst har it earst. Wa is 't?

NORMAN: (*draait him om*) Se hyt Sophie Rauschmeyer en se wennet yn it appartemint híjneist en se hat my in rum cake jûn en ik hâld

fan har. (*fljocht nei links, nei rjochts en ek alle kanten op yn de keamer*) Joehoe! Hast sjoen wat der yn dizze flat kommen is te wenjen. En noch wol neist my! (*set de cake op de bysettafel*) Foar my. Helendal allinne foar my. God hâldt fan my en hat my dit kadootsje stjoerd. (*earmen útstrekt*)

ANDY: (*bliid foar Norman, op de ûnderste treden fan de trep*) Ik hie mei de kryst krekt ien foar dy keapje wollen.

NORMAN: (*dûnset no de hiele keamer troch*) Hast har rûkt? Hast ek mar in swymke opsnuve kinnen fan har ferrukkelike oanwêzigens? Hast dyn noastergatten wol goed iepensetten foar dit fantastyske famke?

ANDY: (*komt no helendal ûnder en rint nei links*) Ik wie boppe. Sa fier rikte har luchtsje no ek wer net... ik moat dyn dûnsskuon even brûke. (*Andy pakt de cake, jout 'm oan Norman en triuwt him dan op de bysettafel*)

NORMAN: Rikte har luchtsje net sa fier? De hiele keamer is der fol fan. (*Andy lûkt de regisseurstoel links nei him ta, giet sitten en lûkt Norman de skuon út*) It hinget sels yn de hal. Ik doar te wedzjen dat de hiele buert fol hinget mei har luchtsje. Se sille meikoarten de hier wol ferheegje. En do bliuwst by har út de buert.

ANDY: Wês mar net bang. Ik bin gjin konkurrinsje. It is myn type net.

NORMAN: No, mines wol. (*bringt de cake nei de keuken, op sokken*) Hoe witst eins wat foar type at it is?

ANDY: At it om famkes giet, Norman, ha ik in seisde sintúch. Sy is it sportive type. Fysyk in stjer. Utsein de harsens alles okee.

NORMAN: (*komt werom út de keuken. Rint nei de rjochterkant fan de tafel yn it midden*) Wat kin 't my skele hoe heech at har I.Q. is? Ik wol har allinne mar rûke en oanreitsje.

ANDY: Goed dan. Belje gewoan by har aan en sis datst har rûke en oanreitsje wolst.

NORMAN: Bist besoademitere? Hast net heard hoe't se prate? Se komt fan it plattelân. De iennige manier om yndruk op har te meitsjen is mei grutte, romantyske gebaren.

ANDY: No, dan giest nei bûten en baarnst de stêd plat. Se sil helendal wei fan dy wêze.

NORMAN: (*rint nei links, achter de tafel*) Tochtsto dat ik dat net dwaan soe at ik dêrfoar in oerke op har kin sobje mocht?

ANDY: Ik hie gelyk. Do hast de lêste tiid te hurd wurke. (*giet oerein en rint nei de trep*)

NORMAN: (*rint achter Andy oan*) Wachtsje even. Praat mei my. (*Andy bliuwt op de trep stean. Pakt in strik dy't op de balustrade hinget*) Help my. Ik moat dit goed oanpakke. Ik moat der net sûnder

neitinken op ôf gean. Ien ferkearde beweging en ik fergriem de hiele leafde... Blommen? Wat tinkst fan blommen? Elke moarn blommen. Twa kear deis blommen... Nee, nee... Dat is net grut genôch.

ANDY: (*docht de strik om*) En beammen? Miskien bin beammen wol grut genôch.

NORMAN: Miskien moat it net grut wêze. Miskien moat it krekt lyts wêze. In lyts fyn dinkje, mei in gedachte der achter. Wat persoanliks. Wat soe ik no foar har dwaan kinne dat in lyts en persoanlik gebaar is?

ANDY: Har tosken poetse?

NORMAN: Gean fuort! Do makkest my helendal kapot! Do hast der gewoan gjin idee fan hoe'tst sa'n fanke behannelje moatst.

ANDY: Dêr ha ik ek gjin behoeftie oan, mar at se de slymfluezen yn dyn noas sa yn beweging set, dan begryp ik dat bêst, hear.

NORMAN: Ik ha 't. Ik ha 't. Wêr is de ferve? Ik moat in blik griene ferve ha. (*pakt it blik griene ferve ûnder de tafel wei*)

ANDY: Wat silst?

NORMAN: (*rint nei Andy*) Ik sil de trep fervje. Ien letter op elke treed. Sadat se, at se thûskomt en nei boppen rint lêze kin... (*hy wist mei de finger nei elke treed wylst er nei boppen rint*) ...Ik hâld fan dy, Sophie Rauschmeyer.

ANDY: Mar se is al boppe. At se moarnier nei ûnderen rint, stiet der: Reyemhcsuar Eihpos yd naf dlâh ki!

NORMAN: (*rint nei rjochtsachter*) Wêrom nim ik eins de muoite om tsjin dy te praten?

ANDY: Ik sil nei vrou Mackininee. (*rint nei de doar*) At ik noch leef, bin ik tsjin twaen wol wer thûs... sa net, dan tsjin healwei fjouweren. (*hy giet fuort*)

LJOCHTEN ÚT

Als u het hele stuk wilt lezen dan kunt u via
www.toneeluitgeverijvink.nl de tekst bestellen en
toevoegen aan uw zichtzending.

Voor advies of vragen helpen wij u graag.



info@toneeluitgeverijvink.nl



072 5112407



“Samenspelen” is ons motto